

Oankundiging/parseberjocht

OBE POSTMA
SELSKIP



Boekpresintaasje: Philippus H. Breuker, *DREAUN FAN IERDE' DREAM*. Libben en wurk fan Obe Postma.

Utjouwer: Wijdemeer, omslach Peter Boersma

Datum: 24 Oktober 2018, Gysbert Japicxseal, Tresoar, Ljouwert.

Op woansdei 24 oktober 2018 wurdt it earste eksimplaar fan de lang ferwachte Obe Postma-biografy fan Prof. Dr. Philippus H. Breuker presintearre yn it ramt fan in feestlike gearkomst yn Tresoar te Ljouwert. It Obe Postma Selskip organisearret dizze middei. De biografy hat as titel meikrigen *Dreaun fan ierde' dream* en beskriuwt Postma as bern fan it lân, de stúdzje yn Amsterdam, syn freonskippen, Postma as learaar yn Grins, Postma as natuerwittenskipper, syn stúdzje fan filosofy en psychology, en, net yn it lêste plak, Postma as filosofyske dichter en histoarikus. Yn de fyzje fan Breuker hong Postma oan it libben, hy woe lokkich wêze en diel útmeitsje fan in ienheid, mar wie folslein in man op himsels. It wie in dreaun man. By alle geleardheid is de grûntoan fan syn bestean mankelikens en syn libben is tekene troch ûnrêst en begears.



Postma is ien fan de belangrykste kultuerdragers fan Fryslân. Syn wittenskiplik wurk wurdt noch altyd sitarre en brûkt, syn gedichten noch altyd lêzen. Hy studearre natuerkunde oan de Gemeentlike Universiteit fan Amsterdam (1886-1892) en promovearre dêr yn 1895 op *Iets over uitstraling en opslorping*. Hy waard learaar wiskunde oan de Ryks-HBS te Grins (1894-1933) en publisearre oant 1918 op syn fakgebiet. Underwilens wie er begongen mei dichtsjen, dat er oan de ein fan syn libben ta dien hat (1900-1962). Yn 1913 debutearre er mei in kennisteoretyske stúdzje op it gebiet fan de skiedniswittenskip en sûnt hat er – ek oan de ein fan syn libben ta – oer Fryske skiednis publisearre. As monografy ferskynde yn 1934 syn *Friesche kleihoeve*, letter publisearre er yn boekfoarm noch *De Fryske boerkerij en it boerelibben yn 'e 16e en 17e ieu* (1937; 2e pr. 1955) en *It Fryske doarp as tsjerklike en wrâldske ienheid foar 1795* (1941; 2e pr. 1953). Mei J.J. Spahr van der Hoek skreau er de *Geschiedenis van de Friese landbouw* (1952). Dêrneist ferskynden yn in grut ferskaat oan tydskriften en bondels tsientallen histoaryske stúdzjes fan him yn artikelfoarm.

Auteur: Philippus H. Breuker

Mei de útjefte fan dizze biografy wurde de fersprate bydragen fan Philippus Breuker oer it dichterskip en it wittenskiplik en/of filosofysk wurk fan Postma yn ien omfiemjend gehiel byinoar brocht. As risseltaat dêrfan krije de leafhawwers fan it dichtwurk fan Postma ynsjoch yn tal fan aspekten fan syn libben en wurk, lykas de skaaikenmerken, de strekking, de eftergrûnen en ek Postma's opfettingen oer dichtkeunst. Mar ek syn histoarysk wurk kriget omtinken. It wie op 31 maaie 1996, dat Breuker yn syn oraasje te Leiden in nij ljocht falle liet op it oeuvre fan de Fryske dichter, natuerwitten-skipper, (lânbou-)histoarikus en filosoof Obe Postma. Dy



rede hie as titel *Obe Postma als auteur van het sublieme* (Fryske Akademy, Ljouwert, 1996). Net it minst belangrike aspekt fan dy rede wie, dat Breuker út it perspektyf fan it sublime wei ('thematysing van het innerlijk als dualistisch ervaren bewustzijn dat op zoek is naar de grenzen van het kenbare of oneindige') in folslein nije faze yn de ynterpretaasjeskiednis fan it dichtwurk fan Postma ynlaat hat. Jierren fan stúdzje fan it wurk fan Postma, ek fan de 800 skriften út syn neilittenskip, binne dêroan foarôfgien. Ek nei Breuker syn oraasje is syn niget oan Postma syn wurk bleaun. Syn bydragen oan de boeken út de Obe Postma-Rige *De dichters en de filosofen. Wijsgerige aspecten van de poëzie in Nederland rond 1900* en *De fascinatie voor Slauerhoff* moatte hjir neamd wurde. Al dy stúdzjes en publikaasje waarden dien yn it ramt fan it Obe Postma Selskip, dêr't er yn 'e hjerst fan 2006 te Skraard it inisjatyf ta naam. Dat Breuker sa yn de besnijing bliuwt fan benammen it

dichtwurk fan Postma, hat te krijen mei wat tekenjend is foar Postma syn dichtwurk 'libbenens fan foarstelling, ferrassende ynsjoggen en oandwaning dy't by letter op 'en nij lêzen net oer giet'. It histoaryske bewustwêzen fan Postma stiet by Breuker sintraal. Breuker is fan wat Postma earne 'it boere- en doarpsterfolk' neamt. Hy seit dan ek: 'Foar my is der wat hiel eigens yn syn [Postma syn] poëzij'. Breuker dielt mei Postma syn leafde foar de keunst fan Rembrandt: 'O dit allegearr' mei ien streek te omfiemjen'.

Breuker (1939) hat meiwurker fan de Fryske Akademy west en heechlearaar Fryske taal en letterkunde te Leiden en Amsterdam. Hy hat in grut tal boeken en hûnderten lytsere stikken oer aspekten út de skiednis fan literatuer en lânskip fan Fryslân skreaun. Foar syn dissertaasje oer Gysbert Japix (1989) krige er de Joast Halbertsmapiis.

Programma Boekpresintaasje Philippus Breuker, *Dreaun fan ierde' dream. Libben en wurk fan Obe Postma*

Tiid: 13:30 - 17:00, Woansdei 24 Oktober 2018; Gysbert Japixseal, Tresoar, Ljouwert

Programma

13.30 Ynrin, ûntfangt mei kofje/tee.

14.00 Iepening troch **George Huitema**, foarsitter fan it Obe Postma Selskip.

14.05 Lêzing *Tusken klaai en akademy* troch **Jan Gulmans**, sekretaris Obe Postma Selskip.

Yn dizze lêzing wurdt in profyl sketst fan Breuker as literêr histoarikus, wurdt yngien op (de skaaimerken fan) syn oeuvre en wurdt syn fisy op Postma as wittenskipsman en dichter tsjin it ljocht hâlden.

14.40 Lêzing *Het schrijven van een biografie: historiografische en narratologische overwegingen* troch **Elisabeth Leijnse**, heechlearaar Letterkunde, Universiteit Namen.

Leijnse schreef de dubbelbiografie *Cécile en Elsa - Strijdbare Freules* waarvoor ze de Libris Geschiedenis Prijs 2016 en de Biografieprijs 2016 ontving. De jury omschrijft het boek als 'een uitmuntend geschreven levensgeschiedenis, cultuurgeschiedenis en maatschappijgeschiedenis ineen.'

15.15 Lêzing *Problemen by it skriuwen fan in biografy fan Obe Postma en yn dy biografy sels* troch **Philippus Breuker**, auteur biografy *Dreaun fan ierde' dream*.

15:40 Utrikking earste eksimplaar biografy oan **Siebren van der Zwaag**, âld-foarsitter fan it Obe Postma Selskip.

15:45 Ofsluting mei oanslutend ferkeap fan it boek en neipetear mei hapke en drankje.

